

Br 1881. II, 30
170 106 40
FEN LYTZEWJIRUM NEI

„DE GOUDEN KLOK”

TO HOLWERD.

Libbensrin fen

KLAAS DOEDES BOERSMA,

Berne 28. Maert 1818.

Troch him sels opmakke

EN

TA NUT EN LEARING FEN SYN LANSLJUE

YN 'T LJOCHT JOWN.

Garde Printinge.

BIRGUM.

T. G. VAN DER MEULEN.

1881.

Priis 20 cinten.

BOEKPRINTERIJ FEN T. G. v. d. MEULEN, BIRGUM.

197

Ba. 1801. II, 30

DI

■

7

IR
H
L
E
L
E
E
E
L

I
I
I
I
I

FEN LYTZEWJIRNUM NEI
DE GOUDEN KLOK" TO HOLWERD.

Libbensrin fen

KLAAS DOEDES BOERSMA.

Berne 28 Maert 1848.

*Troch him sels opmakke en ta nut en learing
fen syn lânsjue yn 't ljocht joun.*

Ik siet allinne, en 'k hie trjinnen yn myn eagen,
Hwent goede frjeunen sjoch ik wier binei forlêgen,
In kwael dy kwelde my, ja ik wier bûten tsjild,
En det allinne om de krapte fen it jild.
It kwelde my sa bôt, ik wist net hwet ik die,
En dy er kaem koe sjen dat ik forlêgen wier,
En det allinne om jild, det kalde, kalde jild;
Hwet kin 't in minske jamk al bringe bûten tsjild.

Det seit jamk mennich ien en 't liket raer hjar ta,
Dy noait net fen dy kwael yet ûnderfining ha,
Mar dy it ienkear goed en wol ha ûnderfoun,
Dy seit: ja wol dy man dy praet op goede grôun,
Det is in raere kwael dy knaegit oan 't herte,
't Dôcht oan syn hûsgesin en al syn miigen smerte,
In wier sa 'n husgesin knap earber fen bistan,
't Moat troch it jildgebrek jamk hiel en al forgean.

To minste det leart ús troch alle tiden hinne,
 Det ljeue earst dreech en goed, nou greate skurken binne.
 Hja gûngen troch de need ta minne dingen oer,
 Earst wol yn 't lytz, mar 't gûng al fjirder op den djûr.
 De earste stap wirdt dien, 't wirdt geande wei den minder,
 En wier it earste dwaen, it gewisse jamk in hinder.
 De twade woech net swier, de need dy drjuwt hjar oan,
 En op it lêst den is sa 'n minske glêd bidoarn.

It wiif wirdt sljou, en den de man bigjint to drinken,
 Al hirder oan bigjint it hûsgesin to sinken.
 En 't kin er op it lêst yet barre bêst ta komme,
 Det man ef wiif yn 't ein de maetskippij ûntrûme
 Troch selsmoard, ef oars licht wol nei it tichthûs ta,
 Wer det se hjar libben den mar to biskriemen ha,
 Ousette, stelle en drinke, det wier op it lêst it wirk,
 Sa wirdt troch jildgebrek jamk mennich ien in skurk.

Mar seit in oaren wer: Det neam ik baere dom,
 Ik neam it tige min om dêr to sûpen om;
Ik neam it ek net goed, troch drinken wirdt it minder,
 Mar troch in slok den is it lêst jin sa gjin hinder,
 Me wirdt er lichter fen en rûmer om it hert,
 Det drinkt mar oan en wei en jamk fordwynt de smert,
 En doch, 't gjit nei de grôun, en hwer, hwer gjit it hinne?
 Det man en wiif en bern gjin iten krije kinne.

Mar komt de earmoed foart út sûpen en út drinken,
 Is det altid de kwael hwerta me kaem to sinken,
 Ja, it is jamk eigen skild. De minsken, moat ik sizze,
 Dy, troch it sin mislaet, sa 'n roesich libben lize,
 Dêr kin de minskefrjeun gjin grêvel goed oan dwaen,
 En hwet er docht, dêr wit me ûntank for to jaen,
 Mar nou wol ik yet ek oer oare minsken sprekke,
 Dy lâns in oare wei jamk yn de lichte rekken.



To folle goed jamk dwaen, ta folle in oar fortroue,
 Hwerfen it blykt yn 't ein, det dy mei jin foartsjoue,
 't Unthjitten wier sa moai, mar op it lêst kaem 't út,
 It goedlik skiep det foel in falske wolf ta 'n búf.
 Me praete baere moai, sa liende me hwet jild,
 Sa boarge me mar wei en foart gûng hûs en fjild;
 Me miende it o sa goed en om in oar to steunen,
 Sit mennich ien yn 't ein to suchtsjen en to kreunen.

En sa is 't my hast gien en derom kin 'k sa sprêkke,
 Troch al te goe bitrou bin ik yn 't lijen rêkke;
 Jamk kaem er ien ta my, mei trjinnen yn syn eagen,
 To kleyen ho binaud de stoarmen oer him teagen,
 Den fleach my det sa oan, ik sei: „Hwet is dyn plicht?“
 „Dynplicht is goed to dwaen.“ Den waerd it moed my licht.
 Mei 'n trien fen tank yn 't each seach ik de lijer gean,
 Den kriet ik jamk mei him, nou — lit er kâld my stean.

In ljeafdejifte haw ik foar en nei jamk jown,
 En tankber yn myn hert en mei plesier nei sjûn,
 Seach ik de stumper bliid hwer nei syn wentsje rinnen,
 Ho sloech my 't herte den fen blidskip wol fen binnen,
 As stumperkens fen bern sims oan hjar memke frêgen:
 „Het mem ek hwet?“ en mem, mei trjinnen yn hjar eagen,
 Brocht jild ef iten mei, it bern krupt' hjar oan 't herte,
 Ik siz roun út, o, God! sùk goeddwaen jowt gjin smerte.

Né, det is kristenplicht, det fine wy to lêsen,
 De minsken binne hjir om for en oar to wêsen,
 En dêrre hwer me 't kin de earmen by to stean,
 En mei de broer yn 't leed meilyieh om to gean,
 Det leart ús liedsman sels: stean fen dyn neisten noed,
 Den ségent dy Gods hân, den gjit it dy êk goed.
 En seil it stof dyn stof ek wer ta stof forgarje,
 Dyn siele seil ik for it Himmelnocht biwarjen.

Wês goed, tink goed, en wit hwerst' kinste goed to dwaen,
 En slach it each op heach, God leat dy lâns dyn baen,
 En moate wy de wrald, 't is ald ef jûng, forlitte,
 Den scil de dead gjin Forst fen eangst en skrik mear hjitte,
 Den is it unk gjin unk det ús dei bûtsje kin,
 En yn hwet rang ef stân, wy hadde it selde min,
 Och mocht dy froede sin ús allegjear mar bisiele,
 Ik bid er om, den scil gjin kwea myn lok forniele.

Mar 't earste fêrs det ik bigoan bin oer te skriuwen,
 Dêr bin ik nou fen plan foarearst mar by to bliuwen,
 Dos fen my sels fen ou myn foarste libbensnocht,
 Det ik hjir op 'e wrâld mocht beakerje yn it ljocht.
 'k Bin berne yn 't doarpke det wy Lytzewjirrum hjitte,
 Der laeke in Himmelskwiet it bliide bern to mjitte,
 Der woexe en dijde ik op by d' alders yn 'e hûs,
 Leed hertsear noch gebrek mar wille by de rûs.

Mar mei in jier ef fiif do kaem it sa to stean,
 Det ik de jierren hie nei skoalle ta to gean,
 Nou leare koe 'k moai goed det doar ik roun út sizze,
 Mar det yn alle bern forkearde streeken lisse,
 Det ljeau ik al moai fêst, 't wier mei my ek 't gefâl,
 Ik die sims dealisk mei, ja, bjusterbaerlik mâl,
 Ja, op it lêst do makken wy 't sa rear en fij,
 Det heit dy sei: Us Klaas scil fen de skoalle frij.

Do mei oan 't wirk, nou ja, mar hwet moast ik den leare,
 Yn 't boerewirk hawar, dêr mocht ik yn forkeare,
 Myn heit det wier in boer en 't is den sa biteard,
 Det ik it boerkjen op myn alders pleats haw leard,
 Sa hab ik achtsjin jier to Lytzewjirrum wenne,
 Do haw ik in jier as feint yn 't doarpke Baard earst tsjinne,
 Dêr wenne in broer fen my, en do is 't sa bislein,
 Ik bin fen Baard op nij nei Lytzewjirrum tein.

Do haw ik dêr op nij saun jieren lang wer wêst,
 En, o, ik hie 't dêr oars sa goed, ja, tige bêst,
 Mar ik foroare dochs sa meije tiid fen sinnen,
 Det ik 't net litte koe de frouljue nei to rinnen,
 En lang om let is 't mei Klaas Doedes sa fier komd,
 Det hy het nei syn sin in himmel famke nomd,
 Det nommel bern det keam út Jesterwjirrum wei,
 Det oardelûre great fen Lytzewjirrum lei.

To wenjen binn' wy do nei Lytzewjirrum gien,
 En dêr haw 'k in jier it boerewirk yet dien,
 En det wol by ús folts. Myn wiif det wier in skroar,
 Sa libben wy der stil en frédich mei malkoar,
 Fortsjinnen beide skoan, sa hieden wy 't nei 't sin,
 Noait ljeau ik det in pear hjir sel'ger wêse kin.
 Mar och, hwet waerd 't gefal, de lofsang naem in ein,
 En bin 'k it paredis fen swiete wille út tein.

Us alden moasten do fen pleats en plak foroarje,
 Do koeden wy fen sels der ek sa goed net djúrje,
 Sa reisgen we om in plak sa hjir en dêr is hinne,
 Sa det w' op 't lêst to Eastermar bilânne binne,
 't Bidrjuw det wy dêr den troch keapjen krige ha,
 Det wier in herberg en wy tapen dêr mar ta,
 Hiel oars wier 't libben nou, det is er fen to tinken,
 As boer bistan fen 't miel, nou libben wy fen 't drinken.

Wy hieden 't goed nei 't sin, me wie ús tagedien,
 Wy woannen néderich wei de ginst fen 't algemien,
 Sa det ik -tjin myn wiif wol jamk ris spritsen ha:
 Wy hawwe it troffen hjer, it lok det dijt ús ta.
 De neiste bûrljue dy wy om ús hinne hieden,
 Dy tsjinnen ús sa ek sa as ef wy broerren wieren,
 Sa gol, sa goed fen aerd, sa minlik fen bistan,
 Me fynt it selden sa hwer me mei hinne gean.

It gûng earst bare skoan, det moat ik er fen sizze,
 Wy pâsten op ús saek en koeden jild wei lisse,
 Mar hwet wier nou 't gefal, yet better woe 'k it ha,
 Dêrom lei ik my ek op oare saeken ta,
 Boelgûdsje, o ja, en den nei frjemde merken ryde,
 Troch handel scoe 't bidrjuw yet helte better giide,
 Mei strykjild skrjuwe sece 'k ek winne by de bilt,
 It pakte mis út hjer! mar 't wier myn eigen skild.

Myn wyt wier goed, mar sjoch myn wyt det is misljêrre,
 Sa kin me troch syn dwaen it libbenslok bidjêrre,
 „Skoenmakker by de least,” det sprekward is sa wier,
 Bijuw, bliuw by dyn bidrjuw, oars dwaelste licht to fier,
 Det moasten, lyk as ik, sa folle al ûnderfyne,
 Dy troch to folle dwaen jamk rêkken yn 'e pine,
 En komt it neibirou, och! och! den is t to let,
 Wé him dy 't wiffe sin iens sa bidragen het.

Sa haw' wy fjouwer jier to Eastermar den wenne,
 In boer en borger, hear en hwet it wier, bitsjinne,
 't Bis ean wie earst sa goed, mar geande wei waerd 't minder,
 Hwet wie my det in lêst, hwet wie my det in hinder,
 It kaem my do sa foar de harberg moast mar foart,
 It slagge my, dêr kaem in keaper yn it koart,
 En 't einde wier nei det ik hjir en dêr hwet sochte,
 Det ik to Eastermar in borgerhûsing kochte.

Mar sjuch do kaem er gau in kringeling yn it tou,
 Hwent ik hie fen myn dwaen oerible great birou,
 't Wie op in Snjeuntomoarn pas det 'k fen 't bêd ou wie,
 Det er in greate man by ús in 't foarhus stie.
 „Is Boersma thús?” „Ja wol” sei ik, „kom jou mar binnen,”
 „Jou lykje,” sei de man, „myn boadskip net to kinnen,
 Ik wit in saek foar jou dy jowt in bêst bistan,
 Der moasten jou mei my sa daelk mar hinne gean.”

Do sei ik tsjin dy man: „Hwer moatte wy den hinne?”
 Hy sei: „’t Is tichte by in eintsje hjir mar fen dinne,
 ’t Is de Birg’merdaem en den de brêgge ’r by,
 It is in drok moai spil en krekt in saek ‘or dy.”
 Dy man sei wier, det spil det lei dêr moai oan ’t wetter,
 De strjitwei foar de doar, it koe nou hast net better,
 En Birgum in great doarp, ho wol me ’t moaijer ha,
 Ik sei: „Jou hawwe lyk, der moatte wy op ta.”

Sa teagen wy op reis nei d’alde Birg’merdaem,
 En harkje ho it dêr al fjirder mei my kaem,
 Wy kaemen by de man dy ’t pân hie to forhieren,
 Wy hoefden ek net lang to teapjen ef to tsjieren,
 ’t Wier binlik easch en bod, ’t akoart gâng ringen oan,
 Hwet wier myn takomst ljocht, hwet wier ’t forútsicht skoan,
 En do de Maitiid kaem en wy der hinne teagen,
 Wy seagen blommen troch fen blydskip trinjende eagen.

Hwet hieden wy ’t gau drok, ik moast er lûd fen sprekke,
 ’t Wier nuver ho we der wer op ’e klúten rekken,
 De ljus dy hiene jild nei ’t weardhus ta to gean,
 De skipfeart wier er drok, it lyke in goe bistan,
 De minsken hieden moed, de tiiden wieren fleurich,
 Mar ’t blêdsje kearde al om, der sakke in bui sa treurich,
 De drinkers bliuwen wei, de tiiden waerden min,
 Us wolfeart dy forfleach lyk as me tinke kin.

De boer ken net bestean, den moat de keapman kleije,
 Det moat de wirkmâns nocht en wolfeart eindliks deije.
 ’t Is krekt as alles daelk sa mar op syde leit,
 Wylst elts oer ’t krappe jild en minne tiiden kleit,
 Dy earst yn weelde him mar ryde liet ef jage,
 Liet him yn ’t ein wollicht op earmfâlds skûnken drage,
 Klaas Doedes wit er fen hy het it faeken sjoun,
 En dêrom stjit syn wird hjir ek op goede groun.

Do ik it twade jier op Birg'merdaem den wenne,
 Do gûng 't ús efterut det moasten wy bikenne,
 Dêr by kaem mennich klânt dy aerdich hwet fortarde,
 Mar dêr ik op it lêst gjin reade cint for barde,
 O! o! hwet drjuwt me hjir al frjemd it paedsejê lâns,
 Ien tsjustere wolke nimt fen 't ljocht de hiele glâns,
 Ja, mennichien dy seil it mei my ûnderfine,
 De meirin yn 't bidrjuw dy kin sa gau fordwine.

Ho goed ús ierde ek is, ho folle lok hja jowt,
 En ho 't habsuchtich minske ek op hjar steunt en bout,
 Omdat it hwer er sjocht sa libben is en fleurich,
 Ien winkje mar en den is alles like treurich,
 Mar 't wirdt myn tiid det ik myn libben wer fortel,
 En jimme net mear mei Filosefearjen kwel,
 Ien lytze sack hwer om me hast net iens scoe tinke,
 Kin meitsje det in minsk de moed en hoop lit sinke.

San unk hab ik ek hâwn dêr op de Birg'merdaem,
 Do ik earst út in brief do út de krant fornaem:
 De Staten bin fen plan de herberg to forhieren,
 (Publiek) yn 't iepenbier en wol for trije jierren,
 Eist kin er nou op biede dy meast biedt seil him ha,
 De Staten ha forgearre en dy bishúten sa,
 Publiek ja wol en den by inkele biljetten,
 Op ségel, tsjinne me syn bod dêr op to setten.

Ik fette it pian op det ik ryklik skrjuwe scoe,
 Omdat ik op 'e daem wol wenjen blijuwe woe,
 Ik lévere 't briefke ek yn, en do it iepene wie,
 Do blykte it dochs al gau det ik lang net mei kind hie.
 It blykte my al gau det ik op 'e daem net bijuwde,
 Der ien wol trije houndert goune heager skrjuwde.
 It wie net oars, en o! as wier 't my ek in smert,
 Ik koe er neat oan dwaen, 't gefal det wie sa bard.

'k Hie by myn herberg yet in saekje op Birg'merdaem,
 Trôch det er yn myn tiid in Birg'mer stoomboat kaem,
 Dêr waerd ik taeper op, mar det foldie net bêst,
 Det hâlde ik net lang fol, det ha 'k in jier mar wêst;
 Do moast ik den op nij in hinnekomenne sykje,
 Det wier in tige sjou, hwer scoe 'n wy gean ef wykje,
 Do hab ik hjir en dêr wol rôun sjoun en wol socht,
 Mar 't het my nei myn winsk gjin útkomst jown ef brocht.

Deun njonken Birg'merdaem hie 'k yet in húske stean,
 In went sa 't wier, ús tocht om dêr mar yn to gean,
 't Wier wol hwet ald en min, it moast hwet opknapt wi de,
 Us tocht wy koe'n it dêr foarearst dochs wol yn hirde,
 De timmerman er by, do skjúrre en sloopje, o, fij,
 Mar lang om let, hawar, wier 't âlde hús hast nij;
 De farfkwast kaem er oer, it glinstere fen foare,
 De ljue seien: „Nou, hwet is det hús foroare.”

Ik waerd dêr wer kastlein, ik taepø wer in slók,
 't Bigjin wier tige bêst, ik krige it feardich drók,
 Mar om det ik gjin wirk mei brêggedraijen hie,
 Wier t better tochte my det ik er mear by die.
 Ik mymre hwet, ik tochte ik kin 't yet better krije,
 't Is oan dyn âk forboun, bigjin grossierderije,
 Jenever, brandewyn, likeuren en sigaren,
 Wyn, bitter en hwet mear fen desallyke waeren.

Ik nei de kûper ta om fetten, moai en nij,
 Om fessebriefkes nei ús boekeprinterij,
 Ik krige 't spil gau klear, hwent sjuch de fabrikanten,
 Dy skatten my oeral by de *solide* klanten,
 Do mei 'e tiid op reis heal Fryslân hast yn 't rôun,
 En ik hie binnen koart wol hûndert slyters foun.
 't Gûng maklik om myn waer sa oan de man to krijen.
 'k Mien op krediet, mar o! hwet broecht it ús yn 't lijen.

It fleach de doarren út myn gûd, oan alle kanten,
 Mar do ik kaem om jild — och och, fen al myn klanten,
 Ho 'n inkele dy my mar knap bitelje woe,
 En dêr ik 't, mei geweld fen 't rjocht, weihelje scoe,
 Dêr krige ik by de skea doarwaerderskosten yette,
 En hûnderden koe 'k by 't forlies fen 't gûd. yet tsjitte.
 Den wieren er goede wol dy woeden 't graech hwet hâlde,
 Ik wier moai goed, sja dêr, it nije kaem by 't alge.

In hjeal jier ha 'k sa dien, mar do wier 't ek sa fier,
 Det ik kaem yn to sjen det ik gau earem wier,
 Ho 'n lêst, om jild mar oan sa nei de ljue rinne,
 To hearren ho se jin yet net bitelje kinne,
 En dy wol koeden en net woenen, nou hawar,
 't Waerd my to slim to slim en do bisleat ik mar:
 Ophalde mei dy saek, wol slyte mar net barre,
 Dêr kin in husgesin ûnmoglik by wolfarre.

Ho 'n skea as ikke wol fen det grossierjen ha,
 Det wit gjin ien mar sjuch, it leit er al wer ta,
 En det to Birgum wol reu bêste minsken binne,
 Det hab ik ûnderfoun en moat ik dos bikinne,
 Mar o! dêr bin ek gûds dy praete moai en fyn,
 Mar kinne hja it dwaen, hja pallemje jin yn,
 Den gjit me, ja, o ja, dy net steanfêstich is,
 Dy rint to Birgum o sa gau de planke mis.

Mar ik hab yn det doarp dochs bêste frjeunen krige,
 Oprjuchte froede lju dy mienden 't ús wol tige,
 Hie ik dêr mar nei heard, hie ik er mear nei dien,
 O! den hie 'k folle oars op better wêgen gien,
 Forkearden harke ik nei, de goede liet ik rinne,
 Sa kin in minske him troch ûnforstan forsinne,
 Mar det ik dêr nou mar net mear oan hingjen blijuw,
 En jimme nou myn lot en libben wer biskrjuw.

In toarntsje nei det ik de handel del jown hie,
 Seach ik is roun hwer for ús brea to winnen wier.
 Kast'lein to wirden sjuch det wie en bljou ús wyt,
 Mar fier fen 't plak dêr ik sa folle al rêkke kwyt,
 It slagge al wer, yn 't doarp dêr úren fier fen dinne,
 't Hjit Holwerd, wier in pân, dêr moast ik, tocht my, hinne.
 It lei dêr oan 'e sé, it wier in Logemint,
 Allear as fearhûs fen it Amelân bikind.

„De gouden klok” dy moaije namme hie 't nou krige,
 Dy herberg stie my oan, det like my dêr tige.
 Drok hie 't er earder wêst en wier er nou hast neat,
 It lyke 'r allegjear knap, en 't doarp sa moai en great,
 My tocht' it wier net min, en wieren de tiiden treurich,
 Licht waerd it mei 'e tiid hwet better wer en fleurich,
 En minder as „de gouden klok” nou jôwch, och scoe
 It hast net wirde, lyk as elts begrype koe.

Hwent sjuch ris oan hwerom, de kastelein dy dêrre
 Nou wenne en wenne hie, dy man dy akkedjearre
 Bidroede min mei 't wiif, hja wier ek fen him gien,
 In houlik hie 't dos wêst sa treurich as er ien
 To fynen is. Sims kaemen dêrre keapljue binnen,
 Dy frégen om forbjuw, mar 't lyke net to kinnen,
 „Myn bêdden binne wei, it wiif is my ûntflein!”
 Sa wier de nearing glêdwei út de harbarg tein.

Sa stie 't er sútrich foar, nen minske doarst goed skrjuwe,
 Ik trêge in boerd, hawar, ik liet 't er net by bljuwe,
 En wrammels 't cyfer det ik op myn boerdsje skrjouw,
 Wier sa det ik dêr oan dy herberg hircjen bljouw,
 En om 't de saeken dêr sa núvrich hinne stienen,
 Wier 't bêste mar det wy dêr dalik hinne gienen,
 En wier 't al winter en de mînste tiid fen 't jier,
 Forfarre daelk tocht ús det dochs de baes mar wier.

Sa binne wy mar flink fen Birg'merdaem ôf rolle,
 It moast mei weinen gean en koste wit ho folle,
 En do wy 't nije plak birikten, nou! sja dêr,
 Wy wieren bliid en winsken om de Daem net wer,
 Hwent alle daegen foart, mâl dwaen en folle drinke,
 Den moat me ringen as in stien yn 't wetter sinke,
 En det wier dêr 't gefal, mei ljue los fen sin,
 Gûng ik jamk om o ja, 't forstân wier op 'e rin.

Ik achtsje 't my ta 'n lok det ik er bin fen dinne,
 Ho moai as 't earst ek wier de nearing moast forrinne,
 Ik rêkke 'r op it sân as 't yet hwet dûrre wier,
 Howol ik sels dêr oan in bulte skuld ek hie,
 Do moast ik dêr myn spil mar wer forkeapje litte,
 Ougrislik hwet in jild liet ik dêr wer by sitte.
 Fermielje hie'n al sein: „Klaas! Klaas! it gjit forkeard!”
 Myn ik sei 't ek, en dochs ik hab er net nei heard.

Sa kin in minske sims, tsjin hwet in stim fen bôppe
 Ek sprekke mei, forstân, wolfeart en lok forskôppe,
 Mar, o, forjow it my, birou ha 'k fen myn dwaen,
 En 'k winskje my foartoan op better wei to jaen,
 To Holwerd yn 'e klok, hoopje ik it to biwiisen,
 En dêr de goede ginst fen jonkheit en fen griisen,
 Mei 't goede froede sin to winnen op den djûr,
 Den kom ik bergen fen fortriet en hertsear oer.

De feinten, sjuch ik goed, dy wolle by ùs wêse,
 Hja binne er t'hûs, det kin 'k wol út hjar eagen lêse,
 En ek de borgerij, det sjuch ik dei oan dei,
 Det dy ek hiel en al wol by ùs bankje mei,
 Op Sneintojounen is 't biwilen hast in wûnder,
 „Wol Boersma,” sei lest ien, „hwet is it dochs bisûnder,
 Hwet is er dochs to dwaen?” „Wol” sei ik do „Mynhear,
 (Hy wier logé) sa 't folts ha ik Sneins wol is mear.”

Ja, wylst ik mei dit stik to rymen sit en skrjuwen,
 Ha 'k fjouwer hearen wer om hjir fen nacht to bliuwen,
 Sa gjit it my nou goed en ha 'k it wol nei 't sin,
 Hwet nei sa 'n frjeamde rin elts skoan bigrype kin.
 Wy krije er starig oan wer nije foerljue by,
 Sa krije man en wiif wer moed en hoop op nij.
 „De klok” wier fen de slach, nou wirdt se ripperearre,
 Och mocht de baes hjar nou op nij mar net bidjerre.

Né, nou foartoan bidaerd altyd by 't wiifke thûs,
 Net sûpe en swetse mear, det jowt in dealis krûs,
 'k Unhjir myn wiif it mei ik hab nou for my nomd,
 Det gjin jenever ea wer oer myn lippen komt,
 Altyd yn myn bidrjuw, goed feardich by myn sinnen,
 Sa hoopje ik yn 'e klok in goede klank to bringen,
 Den ha de lju 't hjir wol, den gjit it hjar nei 't sin,
 Wylst ik yn hûs en hert de fréde hâlde kin.

De sterke drank det blijwyt in pest der maetskippije,
 For dy hjar troch de wenst net for to folle mije,
 As ik him farre lit den seil it sa wol gean,
 Det ljeau ik fêst det ik hjir krij in goed bistan.
 'k Ha faker sward, mar nou foar Ien dy alles wit,
 Det ik de sterke drank seil mije. Ik winskje en bid:
 Dy satan seil my noait wer yn dy hel fordomme,
 Den seil ik nei de kamp wer ta de oerwinning komme.

Den grienet alles op, den laket alles blier,
 Den krije wy wer lok, den krije wy wer tier,
 De Himmel op 'e wrald stjit ùs den foar de doarren,
 Den libje man en wiif rjocht sellich mei molkoarren,
 Den ha wy alle nocht by seine op al ùs dwaen,
 En reisgje wy sa swiet nei 't einde fen 'e baen,
 En komt er ùnforsjûns in kringling yn 'e kjetje,
 Mei fréde scille wy it wer to rjuchte sette.

O hwet in nocht scil den for ús op ierde wêse,
 Myn wiifke scil op nij wer libbensblommen lêse,
 Det is for hjar in treast, en hjar foarútsicht skoan,
 Hwerom hab ik sa jamk hjar wille sa bidoarn?
 Hja miend' it my sa wol, goedaerdich, froed en sédich,
 Noait skerp en lilk, mar sjeft en altiid évenrédich,
 Hwet wier ik faeken mâl, hwet wier ik faek forkeard!
 En noait ha 'k lilk hjar sjôen en noait hjar kibjen heard.

Haw wy gjin skatten woan, en ik in bilt forspyle,
 De griene ljeafdebeam is lokkich net forwyle,
 En 't is forwis det dy for ús oan 't waexjen blijuwt,
 As Holwerd ús as nou it deistich brea mar jowt,
 Dêr bid ik om, en moast ik folle skea wol lije,
 Fen ús scil nimmen op it einde skaede krije,
 Dos wol it my forjaen hwet det ik die forkeard,
 Forjaen is kristenplicht lyk as de wjirheit leart.

In nou in inkel wird in inkel wird op til,
 Oan hjar die mei ús wier en nou forlitte scil,
 Ik mien ús troue faem dy fjouer jier ús tsjinne,
 Ja, tsjinstfaem hjit se mar hja wier ús in frjeundinne,
 Sa trou, sa gol en goed en minlik fen birstean,
 Wy sjogge se mei smert en hertsear hinne gean;
 Fyn wille bêste faem hwer detste gjitste ef tsjitste,
 En 'k hoopje detstou ús, dyn frjeunen, noait forjitste.

En as er iens for ús de deaklok komt to lieden,
 Yn ljeafde by en oar komd yn ljeafde wer to skieden,
 Myn wiifke! wirdt ús diel, b'juw ik dy 'k wêse moat
 En ropt in Heager macht ús den hjir wei yn 't koart,
 Wy scille ta oan 't ein op God en ljeafde boue,
 En yn en oer it grêf yn 't herte djip wol roue,
 Mar hoopje op bliider dei dy iens wer foar ús riist,
 En dêr, nei it libbenskrús, ús liedsman hinne wiist.

Blicu ik steanfêstich mar, en harkje nei 't gewisse,
 Den is de Hear mei us, syn seine, 't kin net misse,
 Dy folget ús, ho 't sims ek rinne mei ef fjocht,
 Wylst miig en frjeun altyd mei blydskip nei ús sjucht,
 Ja, alders, heit en mem en ljeave broer en sister,
 Dy slacht it herte den om ús foartoan gerister,
 Den binn' se bliid mei ús, myn wiif ik fiel it klear,
 Om hjar, om dy en my! sa 'k nou die koe 't net mear.

Nou slút ik myn geskrjuw en dy it komt to lêsen,
 I'y sjucht ho det me sims hiel oars wol komt to wêsen,
 As det me wêse moast. Mar dy it goede spoar,
 At wykt er al is ou, mar wer fynt, dy komt foar.
 Moecht me dit oan my sjen hwet scoe 'k er blid ta wêse,
 Den seil me meietiid yet oars hwet fen my lêse.
 Klaas Doedes Boersma slút syn libbensrym hjirmei,
 En winsket frjeun en klant in bliide libbensdei.

Trije wyke nei det ik boppe steande rynd ha.

Ja, ja, ik skrjuw sa 'k tocht' sa 't wier en lyk ik winskje,
 Mar as in bølgeblaes sa wif is jamk it minske,
 Syn wit, sims goed, sims kwea, wirdt altid net berikt,
 Hie 'k hjir myn wenpleats tocht, it is wer oars biskikt,
 „De gouden klok” hie 'k kocht, en ik moat ek bikinne,
 Ik hie der nei myn sin graech jierren lang yn wenne,
 Mar — sjuch ho mál as 't kin, myn winsk wirdt net folbroecht,
 „De gouden klok” myn klok, hja wirdt op nij forkocht.

Nou sei ik, Klaas, dit moast dyn lânsljue kinber meitsje,
 Oars koe me troch dit rym yn 't harrewarjen reitsje,
 Me socht to Holwerd dy en foun er dy den net,
 Mar hwerom dit sa rint, goe frjeunen! nou det set

Ik hjir mar net út ien. Ik woe hjir hiel graech bljeun ha,
 Mar barre mei 't my net, en lyk as ik al skrijûwn ha,
 De Klok stjit wer to keap. Komt toolfde Maije yn 't lân,
 In oar dy komt er yn en ik forlit dit pân.

O, bêste „Gouden klok,” ik hab dy ripperearre,
 Ik woe 't to minste dwaen, en 't wier ek net mislearre,
 O, Holwerd! né ik ljeau det nimmen kleije scoe,
 Mar 't is foarby, foarby, ho graech ik bliuwe woe,
 Ik moat wer hinne gean, mar jimme noait forjitte,
 En tankber bliuwe det me ús sa wolkom hjitte,
 En dit — dit is ús treast, ef tsjogge wy gau wei,
 Gjûn ien fen jimme sjucht ús mei forachting nei.

Wy sizze hertlik dos: „farwol” en tsjogge hinne,
 Ticht nei us alders gea der wy iens great brocht binne.
 To Easterwierum seil it nei sa 'n omwei gean,
 En is ús gref licht hwer ús widse kaem to stean.
 Der scille w' yn aldfaers gea, sa 'k hoopje. us libben slyte,
 By fréde en wirksimheit yn d' alderlyke kryte;
 Myn wiif dy wirdt wer skroar, ik fetsje it wirk wer oan,
 Den daeget nei de nacht foar ús in bliide moarn.

It wier myn wiif hjar sin it moast de herberg út,
 Ik fiel hja het wol lyk det ik er ta bislút,
 Och det wy nei sa mennich málle sprûng en bôchten,
 Troch ljeafde sillich for molkoarren libje mochten,
 Den siz ik: 't is sa goed. Farwol, o, idle wrâld,
 Dy immen sjende blyn jamk for 't bedjer biholdt.
 Tink frjeunen oan it ein en rin net yn 'e slomme,
 Wes klear en goed beret, it ein kin ringen komme.



a,
a,
n,

e,

e.

e,

l,

l,

Bij den uitgever dezes is in 't licht verschenen het gunstig beoordeelde Humoristische werkje:

Een Nieuw Lied

VAN DE BEROEMDE MEJUFFROUW

KLAASJE SEUVENSTER.

Hoe ze werd geboren en getogen,
mitsgaders hoe ze is gesturve en wat
dies meer is.

Iemand die ter gelegener tijd in den beschaafden kring iets oorspronkelijks, iets pikants wenscht voortedragen kan met bovengenoemd werkje, dat slechts **50 CENTS** kost, groot succes behalen.